

# earste fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257, *lieteboek foar de tsjerken*

halleluja, lit ús ta jo eare  
fan jo macht en leafd' aloan  
hjiir op ierd' en yn de himel, heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
Hill'ge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*antifoan* heare, ús hear, hoe geweldig is jo namme oer de hiele ierde

*psalm* psalm 8: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

o hear, ús hear, dy't alle ding gebiede,  
hoe grut is net jo namm' oer hiel de ierde  
hearlike kening, jo waans majesteit  
syn glâns heech oan 'e himel oer ús leit

jo woen' yn 't liet dat bernemûlen sizze  
in machtich tsjûg'nis fan jo leafde lizze,  
ferwûnd're wurdt de fijân dêrfoar stil,  
beskamme bûcht de wredert foar jo wil

sjoch ik dan nachts wat jo ta wêzen brochten,  
moanne en stjerren, al dy gouden ljochten,  
wat kin jo, hear, noch yn in minske sjen,  
hoe acht jaan op in neatich minskebern

*antifoan* heare, ús hear, hoe geweldig is jo namme oer de hiele ierde

I heare, ús hear,  
II hoe geweldig is jo namme oer de hiele ierde,  
I jo dy't besongen wurde sa heech as de himel  
II út 'e mûlen fan lytsen en tatebern,  
I jo hawwe in sterkte taret om jo tsjinstanners te plak te setten,  
II om fijannen en wraaksuchtigen te betwingen,  
I as ik jo himel beskôgje, it wurk fan jo fingers,  
II de moanne en de stjerren, dy't jo dêr plak jûn hawwe,  
I wat is dan in minske, dat Jo om him tinke,  
II in minskebern, dat jo him achtslane,  
I jo hawwe him mar in kromke lytser makke as de himelingen,  
II him mei glâns en pracht kroane,  
I him master makke oer de wurken fan jo hannen,  
II him alles ûnder de fuotten lein,  
I skiep en kij, dy allegearre,  
II allyksa de dieren fan it fjild,  
I de fûgels yn 'e loft, de fisken yn 'e see,  
II dy't har paad nimme troch it wetter,  
I heare, ús hear,  
II hoe geweldig is jo namme oer de hiele ierde

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*antifoan* heare, ús hear, hoe geweldich is jo namme oer de hiele ierde

*psalm* psalm 8: 4, 5 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

jo ha him omtrint godlik meitsje wollen,  
in kroan fan pracht en macht is op syn holle,  
hy krige sizzenskip oer see en lân,  
jo leinen al jo wurken yn syn hân

de skiep, de kij, de bisten yn 'e greide,  
wat yn 'e bosk him wart of op 'e heide,  
fûgels en fee, de dieren fan it fjild,  
de fisken dêr't de wide see fan tilt

o hear, ús hear, dy't alle ding gebiede,  
hoe grut is net jo namm' oer hiel de ierde,  
hearlike kening, jo, ús heil en hâld,  
jo komt de lofsang ta fan alle wrâld

*antifoan* heare, ús hear, hoe geweldich is jo namme oer de hiele ierde

*lêzing* Jehannes 1: 29-34

Doe't er de oare deis Jezus op him ta kommen seach, sei er, 'dêr is it laam fan God, dat de sûnde fan 'e wrâld weinimt. Hy is it, dêr't ik fan se, ei my komt in man, dy't my dochs foar is, want hy wie der earder as ik. Ik koe him ek net, mar om him oan Israel bekend te meitsjen, dêrom bin ik kommen mei myn wetterdoop'. Jehannes ferklearre ek, 'ik haw de geast delkommen sjoen as in do út 'e himel en hy bleau op him sitten. Ik koe him ek net, mar dy't my stjoerd hat om te dopen mei wetter, dy hat tsjin my sein, ast ien sjochst dêr't de geast op delkomt en op rêsten bliuwt, dan is dat dejinge dy't doopt mei de hillige geast. Ik haw it sjoen en iepentlik ferklearre, dat is de soan fan God.

*meditaasje*

Hjoed begjint foar ús gefoel de tiid nei pinkster. Yn wêzen is dat op pinkstermoandei al sa. Mar wy fine dy tiid nei pinkster al sa lang, wy koartsje him graach dy seis dagen yn. Wy hawwe op it lêst noch in hiele simmer en in hiele hjerst. Fan kryst nei peaske folgje wy Kristus, fan peaske nei pinkster binne wy noch syn learlingen. Mar fan pinkster ôf is der oars neat te folgjen as de geast, ûnsichtber, net te taasten. Dan binne in simmer en in hjerst lang.

Dochs kloppet it ek wer mei wat de bibel ús seit. De geast syn gebiet is op it lêst de hiele ierde en de hiele skiednis. Gjinn stik fan jins libben kin men derfoar ôfslute sûnder it leauwe te koart te dwaan. Earder is it de fraach, oft jo dêrfoar mei in healjier wol ta kinne.

Want by alles wat wy leauwe en heard hawwe, de wrâld feroaret net fan aard. Deselde krêften as altyd wolle hearskje. Soe it ek better wêze om de tsjerke ticht te dwaan, krekt sa lang oant wy wer advint fiere kinne? Wy sille it dochs fan 'e ferwachting hawwe moatte, net fan 'e werklikheid. Dat is ja en nee. Ek nei pinkster begjint wer in tiid fan ferwachting, dat kloppet. Mar net pas mei in healjier, net inkeld de ferwachting fan 'e hear, ien kear yn tiid en ivichheid. Breder, earder, direkter. Alle dagen meie wy ferwachtsje dat de geast ús wat nijs te melden hat. Want lit alle dingen gelyk bliuwe wolle, God lit neat itselde. Alles wurdt oars om diel te wurden fan syn keninkryk en oars wurdt it wei.

Wy witte net hoe. Wy sjogge om ús hinne en witte net wêr't de wei rint nei it keninkryk. Alle wegen lykje noch dea te rinnen. Mar wy meie wêze as Jehannes, dy't ek neat wist, allinnich dat de geast it him wize soe. Sa meie wy ek yn 'e wrâld en yn it libben. Dêr't de geast sitten giet, dêr moatte wy lâns. Lytse bern sille ús de wierheid fertelle en machthawwers beskamme wurde. De hiele ierde wurdt fynplak fan 'e namme fan God.

*stilte*

*mesyk  
liet*

lofsang, gesang 249: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

wy libje fan de wyn  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan

en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed'  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy drag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy't om him hinne sjocht  
wêr't de geast delstrykt  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* wy bidde jo foar lytsen en tatebern  
dy't ús jo lof klinke litte mar likegoed  
plak hawwe moatte op jo ierde  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo  
dat wij jo geast net yn 'e wei steane  
as dy op 'en paad giet yn ús wrâld,  
dat wij dingen dogge en wurden sizze  
dy't wy fan ússels net wisten,  
it begjin fan in bliid boadskip foar ús tiid,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
*gemeente* ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 253: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

o sillich ljocht, trij'ienichheid,

dêr't libbens iene grûn yn leit,  
jou, dat ek no't de sinne sinkt,  
jo ljocht noch yn ús herten blinkt

jo loovje wy yn 't dagerea,  
ta Jo giet jûns ús lette bea,  
as ieuwen komm' en ieuwen gear,  
lit, hear, ús lof foar jo bestean

oan God de heit yn blide klank,  
oan God de soan ús lof en tank,  
oan God de geast de hearlikheid,  
no en yn alle ivichheid

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre.  
amen

## twadde fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257

halleluja, lit ús ta jo eare,  
fan jo macht en leafd' aloan,  
hjr op ierd' en yn de himel, heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
hillge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*psalm* psalm 104: 1 en 2

*antifoan* as jo jo libbensgeast stjoere, dan wurde se skepen, sa fernije jo it oerflak fan 'e ierde

myn siele, sjong fan God en fan syn macht,  
syn klean bin fan in keninklike pracht,  
hy, mei de mantel fan it ljocht omhongen,  
is op in wolk syn segetocht begongen,  
hy spant de himeltint' oer syn domein,  
hy bout syn sealen souders op 'e rein,  
hy wol op wjokken fan 'e winen rinne,  
hy stjoert de stoarmen, fjoer is om him hinne

jo lizze 't fûnemint fan al wat is,  
it bouwurk fan jo hân stiet fêst en wis,  
jo haww' in floed oer fjild en ikker trutsen,  
de hege bergen mei jo weagen dutsen,  
jo tonger jage 't wylde wetter wei,  
de delte seach it ljocht, de berch in dei,  
jo almacht sloech de ruorje fan ravinen,  
gjûn floed soe op 'e nij oer d' ierde tine

*antifoan* as jo jo libbensgeast stjoere, dan wurde se skepen, sa fernije jo it oerflak fan 'e ierde

I lit al wat yn my is de heare loovje,  
II heare, myn God, wat binne jo grut,  
I+II beklaid mei glâns en gloarje,  
I jo binne it, dy 't it ljocht as in mantel omslacht  
II en dy 't de himel útspant as in tinte,  
I dy 't him op wetter ferwulven bout,  
II dy 't him fan wolken in wein makket,  
I+II dy 't fuortstrûst op 'e wjokken fan 'e wyn,  
I dy 't fan winen syn boaden makket  
II en fan lôgjende flammen syn tsjinnern,  
I hy hat de ierde op har pylders set,  
II yn der ivichheid wifket dy net,  
I de oseaan hat er as mei in kleed bedutsen,  
II it wetter stie boppe de bergen,  
I foar jo drigemint is it op 'e flecht gien,  
II foar jo tongerstim moast it wike,  
I sa heech as de bergen, sa djip as de dellingen  
II nei it plak, dat jo der foar útornearren,  
I jo hawwe it wetter in grins set, dêr 't it net oerhinne komt,  
II nea komt it werom om de ierde te bedekken,

I yn 'e dellingen litte jo har welwetter opwâlje,  
 II dêr streamt it tusken de bergen troch,  
 I alle wyldguod drinkt derfan,  
 II de wâldezels ferslane har toarst dermei  
 I en oan 'e wetterkant wenje de fûgels,  
 II tusken de twigen wei jouwe se lûd,  
 I jo boarne de bergen út jo ferwulven,  
 II fan 'e frucht fan jo wurken krijt de ierde sêd,  
 I it gers litte jo útsprute foar it fee,  
 II it nôt foar de minsken, dy 't it bewurkje moatte,  
 I+II om brea út 'e grûn te winnen,  
 I en wyn, dy 't it minskehert opfleuret,  
 II de oalje, dy 't it gesicht glânzje lit  
 I+II en it iten, dat it minskehert sterket,  
 I de beammen fan 'e heare drinke har sêd,  
 II de Libanonseders, dy 't hy plante hat,  
 I dêr hawwe de fûgels har nêst,  
 II yn 'e krunen fynt de eibert syn went,  
 I de hege bergen binne foar de stienbokken  
 II en de klipdassen hawwe de rotsen as skûlplak,  
 I jo hawwe de moanne makke om tiden oan te jaan  
 II en de sinne wit syn tiid fan ûndergean,  
 I as jo it tsjuster meitsje en it wurdt nacht,  
 II dan wart him al wat libbet yn 'e bosk,  
 I de jonge liuwen âlje om bût,  
 II sa freegje se har iten fan God,  
 I as de sinne opkomt, dan jouwe se har ôf  
 II en legerje har yn har hoalen,  
 I dan giet de minske nei it wurk  
 II en nei syn bedriuw, oan 'e jûn ta,  
 I wat binne jo wurken machtich, heare,  
 II jo folbringe se allegearre yn wysheid,  
 I+II de ierde is fol fan jo rykdom,  
 I dêr is de see, sa wiid en sa breed,  
 II sûnder ophâlden tilt it dêr  
 I+II fan bisten, lyts en grut,  
 I dêr geane de skippen,  
 II de Leviatan, dy 't jo makke hawwe  
 I+II om mei him te boartsjen,  
 I dy allegearre ferwachtsje fan jo,  
 II dat jo har iten jouwe op 'e tiid,  
 I as jo it har jouwe, dan nimme se it,  
 II as jo de hân iepen hâlde, wurde se sêd fan it goede,  
 I mar sjogge jo der net mear nei, dan ferkomme se,  
 II en ûtnimme jo har de siken, dan stjerre se  
 I+II en wurde wer it stof dat se wienen,  
 I as jo jo libbensgeast stjoere, dan wurde se skepen,  
 II sa fernije jo it oerflak fan 'e ierde,  
 I lit de gloarje fan 'e heare yn ivichheid wêze,  
 II lit de heare him fermeitsje yn syn wurken,  
 I as hy nei de ierde sjocht, bevet dy,  
 II as hy de bergen mar oanroert, rikje se,  
 I ik wol foar de heare sjonge, salang 't ik libje,  
 II ik wol foar myn God psalmsjonge, salang 't ik der bin,  
 I o, mocht myn dichtsjen him oanstean,  
 II iksels, ik ferbliidzje my yn 'e heare,  
 I de sûnders moatte fan 'e ierde ôf  
 II en de kweaminsken mei net ien fan oerbliuwe,  
 I loovje de heare, al wat yn my is,  
 II halleluja

*antifoan* as jo jo libbensgeast stjoere, dan wurde se skepen, sa fernije jo it oerflak fan 'e ierde

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
 II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

*psalm* psalm 104: 9 en 10

jou God syn eare, ivich en aloan,  
syn will' oer ús as op 'e skeppingsmoarn,  
lit alles wat er rôp by d' earste dage,  
wer stean en gean yn ivich wolbehagen,  
syn ierde skoddet, dêr 't syn eagen gean,  
de bergen rikje, dêr' t syn fuotten stean,  
de see bestillet, as syn hannen winke,  
de stoarmen swije, dêr 't syn wurden klinke

ik sjong de heare bliid, salang ik bin,  
syn namme is keninklik fan 't oanbegjin,  
o lit myn blidens en syn wolbehagen  
dit liet op alle winen fierder drage,  
de sûnders fall' en komme net oerein,  
de goddeleaze wurdt yn d' ierde lein,  
heil, halleluja, hillich is de heare,  
syn almacht sil oer alles triomfeare

*antifoan* as jo jo libbensgeast stjoere, dan wurde se skepen, sa fernije jo it oerflak fan 'e ierde

*lêzing*

Lukas 10: 25-37

Doe kaam in wetgelearde oerein om him te hifkjen en sei, 'master, wat moat ik dwaan om diel te krijen oan it ivige libben?' Jezus sei tsjin him, 'wat stiet der yn 'e wet, wat lêze jo dêr?' Hy antwurde, 'do silst de hear, dyn God, leafhawwe mei dyn hiele hert, dyn hiele siel, dyn hiele krêft, dyn hiele ferstân en dyn neiste sa ast dysels leafhast.' Jezus sei tsjin him, 'dat is it goede antwurd. Doch it sa en jo sille it libben hâlde.' Mar hy woe himsels grut hâlde en sei tsjin Jezus, 'en wa is myn neiste?' Doe naam Jezus wer it wurd en sei, 'der wie ris in man, dy reizge fan Jeruzalem nei Jericho. Underweis foel er yn 'e hannen fan rovers. Dy klaaiden him út, rânselen him ôf en doe 't se fuortgongen, lieten se him healdea lizze. Tafallich kaam der in pryster lâns. Dy seach him wol, mar rûn oan 'e oare kant fan 'e wei foarby. Sa kaam der ek in Levyt by dat plak lâns. Doe 't dy him seach, rûn er ek oan 'e kant fan 'e wei foarby. Mar der kaam ek in Samaritaan, dy 't ûnderweis wie, by him lâns. Doe 't dy him seach, krige er tige mei him te dwaan. Hy gong nei him ta, geat oliveoalje en wyn yn syn wûnen en ferbûn dy. Doe sette er him op syn eigen ryddier, brocht him yn in herberge en soarge foar him. De oare moarns helle er twa denarjes foar 't ljocht en joech dy oan 'e kastlein mei de wurden, 'pas goed op him en as jo mear kosten hawwe, sil ik jo dy op 'e weromreis betelje.' Wa fan dy trije tinkt jo, is no de neiste fan 'e man dy 't yn rovershannen fallen wie?' Hy sei, 'dy 't him út meilijen holpen hat.' Doe sei Jezus tsjin him, 'doch jo tenei ek sa.'

*meditaasje*

In machtich fizioen jout psalm 104. De hiele ierde as in spegel fan God syn gloarje. Alles hat syn plak en syn doel. Alles hat de glâns fan hilligens. Dit is de ierde mei de geast fan God deroerhinne. Dat de werklikheid oars is, witte wy allegear. Wist it wetter altyd syn plak mar, en krigen alle libbene wêzens har gerak. Waarden wyn en oalje inkeld mar brûkt foar in fleurich antlit en in goed sin. De wrâld dy't wy kenne is in oaren as dy fan psalm 104.

Dochs makket dat de psalm treastryk. Net ús wrâld is Gods bedoeling, mar in oaren. Mei dêrop en dêryn deselde wêzens. God hâldt dy bedoeling fêst, want Hy is machtich. Sels de slimste seemeunsters hawwe in plak yn syn plan. Alles wachtet derop, dat de geast syn grutte wurk begjint. Mar de geast is al begongen en hy wurket alle dagen. Hoe graach soenen wy de wrâld net in bytsje hilliger hawwe wolle. Mar dat kin. As wy op 'e geast betrouwe. Net as de pryster en de levyt út it evengeelje. Underweis nei Jeruzelim. Meskien nûnderen se psalm 104 wol foar har út. Har eagen op 'e ein fan 'e wei, de timpel, dêr't se hillich foar wêze woenen. Mar oan 'e oare kant fan 'e dyk dêr't se op rinne rôp de geast har. Dêr koenen se hillich wurde. Dêr wie ferlet fan wyn en fan oalje, it offer fan omtinken en soarch. De Samaritaan wist it. Oan 'e oare kant fan 'e dyk begjint psalm 104. As wy stilstean en ús bewege litte leit dêr de nije himel en de nije ierde.

*stilte*

*mesyk  
lofsang*

gesang 249, *steande*

wy libje fan de wyn,  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan  
en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer,  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed',  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy draag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy' t jo skepping oereaget,  
ûnwennich fan jo keninkryk  
en wy roppe,  
*gemeente* hear, ûntfermje jo  
*foargonger* wy bidde jo foar elk dy' t de foet stjit  
oan it ûnrjocht op ierde  
en allinnich fierder kin mei jo Geast  
en wy roppe,  
*gemeente* hear, ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
*gemeente* hear, ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde jo,  
dat wij it paad fine,  
dat ús feroaret as wy derop geane,  
dat jo ús oanreitsje  
en net oan ús foarbyrinne,  
skepsels dy' t roppe  
om de krêft dy' t libben jout,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
*gemeente* ús heit yn ' e himel  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea,  
en ferjou ús ús skulden  
sa 't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid, oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 390

ik lit, o God, de lofsang klinke,  
de jûne kaam oer hûs en hear,  
hoe mei ik al den dei betinke,  
der is foar my gjin tsjuster mear,  
mear as in heit ha jo allinne  
my hoed' en noede, ier en let,  
jo leafde yn alles om my hinne  
rûn oer en dat ferjit ik net

jo hannen hawwe my bewarre,

jo stienen boarch foar wurk en brea,  
wêr wie ik sûnder jo bedarre  
by sykt' en 't wanken fan 'e dea,  
nei dizze dei fan soarch en segen  
myn tank oan jo op dizze jûn,  
hoe haw ik, heare, allerwegen  
yn jo myn goede hoeder fûn

ik wit, jo binne myn betrouwen,  
jo binne nacht en dei myn hâld,  
jo binn' in berch om op te bouwen,  
der is gjin oaren yn 'e wrâld,  
jo gean' ek yn 'e dea net ûnder,  
al sonk de sinn' yn 't westen wei,  
't is oeral ljocht en ivich wûnder,  
dat 'k ivich fan jo sjonge mei

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

# trede fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257, *lieteboek foar de tsjerken*

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

I o God, jo hawwe ús ferstjitten, ús slachrigen tebrutsen,  
II jo grime fiele litten, meitsje it wer goed mei ús,  
I jo lieten de grûn skodzje en spjalte,  
II wol de brekken hielje, omdat it faai stiet,  
I jo lieten jo folk slimme dingen belibje,  
II jo joegen ús dwelmwyn te drinken,  
I jo joegen dochs in synjaal oan dy't ûntsach hawwe foar jo,  
II om front te foarmjen tsjin de bôgesjitters,  
I dat jo beminden rêden wurde,  
II help mei jo rjochterhân en jou ús antwurd

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

*psalm* psalm 60: 1, *lieteboek foar de tsjerken*

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

I+II God hat dit yn syn hillichdom sprutsen,  
I ik sil triomfearje en Sichem ferlotsje,  
II de flakte fan Sûkkot sil Ik ferparte,  
I Giléad is mines, Manasse mines,  
II Efraïm is myn helm,  
I+II Juda is myn kommandostêf,  
I Moäb brûk ik as waskkom,  
II op Edoms grûn smyt ik myn skoech,  
I+II oer Filistéa klinkt myn oerwindersrop,  
I wa bringt my nei de fêste stêd,  
II wa liedt my oant yn Edom

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

*psalm* psalm 60: 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

I binne jo net, God, deselde dy't ús ferstjitten hat  
II en sille jo net, God, mei ús legers de striid yn gear,  
I bring ús help tsjin de fijân,  
II want minskehelp hat neat te betsjutten,  
I mei God sille wy heldedieden dwaan,  
II hy sil ús fijannen ferwâdzje

I eare oan de heit en oan de soan en oan de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*antifoon* God hat dit yn syn hillichdom sprutsen

*lêzing* Lukas 11: 1 - 13

*meditaasje* Dy't yn 'e wrâld om him hinne sjocht, sjocht petroanen en struktueren. Doarren en drompels. Jo binne net frij om te gear en te stean dêr't jo wolle, ús romte is yndield en dat leit fêst. Jo hoege yn 'e wrâld

gjin freonen of fijannen te meitsjen, dy steane al op jin te wachtsjen. Ek as wy it sûnder al tefolle fjochtsjen en striid oprêde, stiet hiel ús libben yn it teken fan oarloch.

Wat moat men dwaan, as men dan it wurd heart fan Gods keninkryk? De oprop ta frede, de hjitting om goed te dwaan? Moatte wy mei al ús macht en al ús krêft romte feroverje foar dat ryk? Us tsjinstanners bliuwe der en freegje net foar't se sjitte. Oft men no frede of oarloch siket, men hâldt jin freonen en fijannen. Doarren en drompels bliuwe dêr't se binne en wy komme net fier.

Hoe dan? Jezus leart ús, dat wy nei pinkster inkeld fierder kinne mei de hillige geast. Dêr moatte wy om bidde. De Geast brekt earst ús slachrigen ôf. Alles wat wy yn it gewear bringe, alles dêr't wy ús in paad mei meitsje yn 'e wrâld slacht er ús út 'e hannen.

Pas wy mei lege hannen steane, giet it gebed fierder yn ferfolging. Net wij, mar God makket paad yn Edom en Filistea. Hy makket doarren iepen, dy't gjin minske iepen krijt en lit ús dêrefter frede fine. Hy freget ús, oft wy mei him geane.

*stilte*

*mesyk*

*liet*                   lofsang, gesang 249: 1, 2 en 3, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

*gebedens*

*jûnslit*               gesang 284: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

*seine*

*foargonger*       de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente*           amen

# fjirde fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257

halleluja, lit ús ta jo eare  
fan jo macht en leafd' aloan  
hjir op ierd' en yn de himel, Heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
hillge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*psalm* psalm 97

*antifoan* alle goaden bûge foar him

I de heare is kening, lit de ierde jubelje,  
II lit alle kustlannen bliid wêze,  
I wolken en tsjusternis binne om him hinne,  
II gerjochtichheid en rjocht skoarje syn troan,  
I fjoer fljocht foar him út  
II en ferskroeit de fijannen rûnom,  
I syn flitsen ferljochtsje it ierdryk,  
II dat sjocht de ierde en bevet,  
I bergen rane as waaks,  
II foar de heare fan de heare,  
I+II foar it antlit fan de hear fan 'e hiele ierde,  
I de himel ferhellet syn gerjochtichheid  
II en alle folken sjogge syn gloarje

*antifoan* alle goaden bûge foar him

wês bliid, want God de hear  
is kening, heech yn ear',  
wês optein, al jim lannen,  
jim lot is yn syn hannen,  
hoe 't ek syn majesteit  
foar ús ferburgen leit,  
de grûnslach fan syn troan  
is inkel rjochtsbetoan,  
kleare gerjochtichheid

op syn ferheven spoar  
giet him in ljochtglâns foar,  
in fjoer begjint te gloeien,  
syn haters te ferskroeien,  
de wjerljocht, flitsend, fel,  
makket de ierde kjel,  
de bergen binn' oerstjoer,  
hja raan' as waaks yn 't fjoer,  
yn frees foar syn befel

de himel, heech en blau,  
ferkundiget Gods trou,

syn gloarje oer de wolken  
wurdt klear foar alle folken,  
sjoch, hoe 't te skande stiet,  
wa 't op 'e knibbels giet  
foar 't byld fan stien of hout  
en dy 't syn hope bout  
op wat gjin rêding biedt

hear Sions blide klank,  
in liet fan lof en tank,  
hear Juda 's stêden sjongen,  
hja hawwe 't nijs ûntfongen,  
fan wat de heare docht,  
hy helpt ús oan ús rjocht,  
ja, jo binn' ús behâld,  
jo, God oer hiel de wrâld,  
sa' t men gjin oaren sjocht

Beminden fan Gods hert,  
haw leaf en wifkje net,  
mar haatsje it ferkearde  
en wachtsje jim foar 't kweade,  
wat is de heare goed,  
hy nimt ús op 'e noed  
en draacht ús dei oan dei,  
hy blaast de fijân wei  
dy 't longert op ús bloed

Gods ljocht falt tûzenfâld  
oer wa 't syn wegen hâldt,  
dy 't him oprjocht beminne  
gean' yn 'e blide sinne,  
rjochtfeardich folk fan God,  
sjong om jim lokkich lot,  
wês optein yn de hear  
en loovje kear op kear  
syn namm' en heech gebod

*antifoon*

alle goaden bûge foar him

I elk dy 't bylden ferearet, stiet foar skande,  
II elk dy 't grut giet op ôfgoaden,  
I+II want alle goaden bûge foar him,  
I Sion heart en is bliid,  
II de stêden fan Juda jubelje  
I+II om jo rjochtspraak, heare,  
I want jo, heare, binne de heechste oer de hiele ierde  
II en jo geane alle goaden fier te boppe,  
I de heare hâldt fan har dy' t it ferkearde haatsje,  
II hy hoedet it libben fan syn geunstelingen,  
I+II hy skuort se los út 'e macht fan 'e ferkearden,  
I der daget ljocht foar de rjochtfeardige  
II en blidens foar de oprjochten fan hert,  
I ferbliidzje jim, rjochtfeardigen, oer de heare  
II en loovje syn hillige namme

*antifoon*

alle goaden bûge foar him

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*lêzing*

Lukas 12: 32-40

Wês net bang, myn lytse keppel, want jimme heit hat jim it keninkryk tatocht. Ferkeapje wat jimme hawwe en jou mei leafde. Meitsje jimsels pongen dy 't net slite, in himelske skat dy 't net belunet, dêr't gjin dief by komme kin en dy 't gjin mot fernielt. Want dêr't jimme skat is, dêr sil jimme hert wêze. Hâld de riem om 'e mul en de lampen op. Doch as de lju dy't op har hear wachtsje, oant er fan 'e brulloft werom komt, om him der op slach yn te litten, as er komt en op 'e doar kloppet. Gelokkich binne feinten dy 't de hear, as er komt, wekker fynt.

Ja, ik sis jimme, 'hy sil de mûlriem omdwaan, har om 'e tafel skikke litte en der sels by lâns gean om harren te betsjinjen. As er dy mannen sa treft, ek al wurdt it midden yn 'e nacht dat er thús komt, of noch letter, dan binne se gelokkich. Tink hjir mar om, as de hear witten hie, hoe let de dief komme soe, dan hied er net yn syn hûs ynbrekke litten. Jimme moatte ek ree stean, want op in oere dat jim him net ferwachtsje, komt de minskesoan.

### *meditaasje*

Yn 'e wrâld binne jo fuort net útsjoen. Jins eigen paad allinnich al is alle dagen nij. Iderhanne skepsels komme derop foar, lyts en grut. Ek de minskewrâld jout nije dingen. Legers en bewegings dêr't jo noait fan heard hienen en net te stjoeren. Mei ûntsach geane jo derfoar oan 'e kant. Mar hawwe jo de tiid en sjogge jo lang genôch, dan betinke jo in kear dat der mear wêze moat. Der barre dingen, dat kin gjin tafal wêze. Boppe de ierde is ek noch in himel en yn dy himel húsmanje nuvere machten. De goaden litte wol merke dat se der binne.

Hoe moat in minske op dizze ierde it rjochte paad fine? Hoe wit men, dat men net ûndergiet of krêften losmakket, dy't jin te mânsk binne? Hokker god is te betrouwen en hokker net? De bibel seit, inkeld de God fan Israel. Alle goaden bûge foar him. Dy't him fêsthâlde, mei hert en holle en hannen, sille laitsje en jubelje.

Dat is in wurd dat betrouwen jout. Mar it is noch gjin paadwizer. Foar it ferkear mei goaden op 'e dyk is dy der ek net. Jezus makket it noch sa dúdlik mooglik en sels dat is gjin rûtebeskriuwing. Logysk, want jo witte net wat jin wachtet. Inkeld, net fêsthâlde wat se fan jin freegje. Jaan mei leafde. Net bang wêze. Noait ferjitte, dat ien kear de hear weromkomt.

Troch alles wat jo kwytreitsje, wol jins geloof sterker wurde. It is in skat dy't waakst troch gewichtsferlies, bûgen en minder wurden. Oant it momint komt, dat de hillige geast sels de machtichste goaden ferwaait as jiske.

### *stilte*

### *mesyk*

### *lofsang*

gesang 249, *steande*

wy libje fan de wyn  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan  
en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer,  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed'  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy draag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

### *gebedens*

### *foargonger*

leave heare  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy' t nei de himel sjocht  
en dêr frjemde goaden fynt  
en wy roppe,

### *gemeente foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
wy bidde foar alle minsken  
dy't jo fan omhegen ferwachtsje  
mar each yn each steane

mei de machten fan 'e ierde,  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* wy bidde jo  
dat wij leare te sjen  
dat bergen foar jo rane en de ierde rikket  
dat wij jo wurd fêsthâlde by dei en by nacht  
dat wij inkeld bûge foar jo,  
dy't wennet yn 'e himel en de ierde regearje  
*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn ' e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa 't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid, oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 393

de dei, troch jo geneed' ûntfongen,  
is wer foarby, strak falt de nacht,  
ienriedich riist ús tankber sjongen  
ta jo, dy' t tsjuster skept en ljocht

dy't, as ús bea en sang ferstjerre  
en hjir de jûn yn nacht ferrint,  
fan d' oare kant in lofliet hearre,  
as dêr de nije moarn begjint

sa stige, nea net ûnderbrutsen,  
ta jo, o God, gebed en liet,  
fan minskemûlen song en sprutsen,  
aloan opnij omheech fan d' ierd'

sa wurdt ek op dizz' ierde tsjûge  
fan jo, dy' t binn' yn ivichheid,  
oant ienkear alle skepsels bûge  
foar jo geneed' en majesteit

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* amen

# fyfde fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257

halleluja, lit ús ta jo eare,  
fan jo macht en leafd' aloan,  
hjr op ierd' en yn de himel, heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
hillge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*psalm* psalm 89: 1

*antifoan* en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

o hear, ik sjong in liet dat ivich bliuwe sil,  
jo geunsten ha gjin ein, myn mûle stiet net stil  
en kundiget aloan jo trou oer d' ieuwen hinne,  
de stagen troch, dy' t feardich op jo wegen rinne,  
jo hawwe 't sein, myn geunst is grut en fêst fûndearre  
en as de himel sels, dy't oer dij triomfearre

*antifoan* en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

I jo geunstbewizen, heare, wol ik ivich fan sjonge,  
II mei eigen mûle jo trou bekend meitsje de geslachten troch,  
I ja, ik sis, foar ivich is op geunst te bouwen,  
II jo trou stiet sa fêst as de himel,  
I 'ik bin in ferbûn oangien mei de man dy't ik útkard haw,  
II in eed haw ik dien oan David, myn tsjinner,  
I foar ivich hâld Ik dyn neiteam yn stân  
II en Ik bou dyn troan de geslachten troch,'  
I de himel beliidt jo wûnders, o heare,  
II jo trou yn 'e gearkomst fan 'e hilligen,  
I want wa yn 'e wolken is oan de heare gelyk,  
II wa is as de heare ûnder de himelbewenners,  
I de God, foar wa 't se beevje yn 'e rie fan 'e hilligen,  
II grut en ûntsachlik boppe al wat om him hinne is,  
I heare, God almachtich,  
II wa hat in macht lykas jo,  
I+II jo trou is ommers om jo hinne,  
I jo bandigje it stegerjen fan 'e see,  
II as de weagen opwâlje, litte jo se wer bedarje,  
I jo ha Rahab tebrizele as in fersleine,  
II mei jo machtige earm jo fijannen ferstruid,  
I fan jo is de himel, fan jo is ek de ierde,  
II de wrâld mei al wat deryn is, hawwe jo grûndearre,  
I it noarden en it suden, jo hawwe har skepen,  
II de Tabor en de Hermon ferhearlikje jo namme,  
I jo earm hat heldekrêft,  
II jo hân is sterk en jo rjochterhân ferheven,  
I gerjochtichheid en rjocht drage jo troan,  
II geunst en trou geane foar jo út,  
I hoe gelokkich is it folk dat jubelje kin,  
II se geane har wei by it ljocht fan jo antlit, heare,

I se bejubelje jo namme al den dei  
II en se geane grut op jo gerjochtsheid,  
I want jo binne har hearlike krêft  
II en troch jo geunst steane wy sterk,  
I want ús skyld hawwe wy fan 'e heare,  
II ús kening fan de hillige fan Israel

*antifoon* en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

*psalm* psalm 89: 8 en 9

jo binn', o hear, de krêft dy't har oer d' ierde tilt,  
wy stean, de holl' omheech, te wapen yn it fjild,  
it is jo grutte geunst, wy ha de hannen heve,  
ús skyld, it is Godsels, hoe hat de fijân beve,  
de hillige heare sels, de kening oer de machten,  
joch Israel de kening dy't it winsk' en wachte

jo haww' alear it sprutsen yn in fizioen,  
jo geunstelingen ha fan fierren hark' en sjoen,  
ik haw in fjochter hoed' en holpen oer de wegen,  
ik rôp syn namm' en ha him boppe 't folk ferhege,  
want David wie myn feint, ik ha de kening metten,  
ik haw him salv' en wijd en mei myn geast begette

*antifoon* en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

I destiids sprieken jo yn in fizioen  
II en seinen tsjin jo geunstelingen,  
I in held haw ik nei foaren skood  
II en in útkarde boppe it folk ferhege,  
I myn tsjinner David haw ik fûn,  
II mei myn hillige oalje him salve,  
I mei fêste hân sil Ik him bystean  
II en myn earm sil him wis sterkte jaan,  
I gjin fijân sil him tenei komme,  
II gjin kweaminske sil him fernederje,  
I ik ferslaan syn benearders foar him  
II en syn haters hou ik del,  
I myn trou en myn geunst sille mei him wêze,  
II troch myn namme sil er sterk stean,  
I syn hân lis ik op 'e see  
II en syn rjochterhân op 'e rivieren,  
I as er my oanropt, seit er, jo binne myn heit,  
II myn God, myn rots en myn útrêding,  
I en ik sil him it plak jaan fan earstlingssoan,  
II de heechste ûnder de keningen fan 'e ierde,  
I ivich bewarje ik foar him myn geunst  
II en myn ferbûn sil er altyd op oan kinne,  
I ik hâld foar altyd syn neiteam yn wêzen,  
II syn troan like lang as de himel bestiet,  
I as syn soannen fan myn wet net witte wolle  
II en net libje neffens myn rjochtsregels,  
I as hja myn foarskriften skeine  
II en har oan myn geboaden net hâlde,  
I dan kastij ik se wol mei de roede om har sûnden  
II en mei hurde slaggen om har skuld,  
I mar myn geunst nim ik har net ôf  
II en myn trou ferbrek ik net,  
I ik sil myn ferbûn net skeine,  
II wat oer myn lippen kaam, feroarje ik net,  
I ien ding haw ik sward by myn hillichheid,  
II hoe soe ik ooit David bedrage,  
I syn neiteam sil foar ivich bestean,  
II syn troan stiet as de sinne hjir foar my,  
I as de moanne, dy't der altyd stiet,  
II as in trouwe tsjûge yn 'e wolken

*antifoon* en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

*psalm*

psalm 89: 13 en 114

myn eed, dy't ik alear oan David swarde, stiet,  
ik bin de hillg' en doch wat ik fan âlds ûnthiet,  
syn neiteam bliuwt bestean, hoe soe ik him bedrage,  
syn troan is as de sinn' en moann' en wurdt net jage  
fan ûnwaar en hy bliuwt, salang der stoarmen binne  
en sinn' en moanne troch de himelromte rinne

mar no, hoe hawwe jo ferwurpen en ferstaat,  
dy' t ienkear mei jo oalje wijd en salve waard,  
jo ha de bân mei dy't jo tsjinne, stikken brutsen,  
hoe is syn kroan ûntwijd en fan 'e holle lutsen,  
gjin muorr' of toer is bleaun, gjin rover is te kearen,  
de buorlju spott' en hún' oer in ferlern affearen

*antifoan*

en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

I en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen,  
II tsjin jo salvling lôge jo grime op,  
I jo hawwe it ferbûn mei jo tsjinner brutsen,  
II syn kroane ûntwijd en tsjin de grûn smiten,  
I bressen hawwe jo yn al syn muorren slein,  
II syn festingen ha jo in púnfal fan makke,  
I elk hat yn it foarbygean him plondere  
II en foar de buorfolken is er in smaad wurden,  
I jo hawwe de macht fan syn fijannen fersterke,  
II al syn benearders hawwe jo bliid makke,  
I syn flymskerp swurd ha jo tsjin himsels keard  
II en him yn 'e striid net oerein hâlden,  
I syn gloarje hawwe jo weinommen  
II en syn troan tsjin 'e grûn trape,  
I syn jonge dagen hawwe jo ynkoart  
II en him mei skande oerdutsen,  
I hoelang, heare, ferbergje jo jo foargoed,  
II sil jo grime trochbaarne as in fjoer,  
I betink dochs, hear, hoe fergonklik as ik bin,  
II hawwe jo dan alle minsken om 'e nocht skepen,  
I wa minske libbet, dy't de dea net hoecht te sjen,  
II wa rêdt syn libben út 'e macht fan it deaderyk,  
I wêr binne no jo geunstbewizen fan eartiids, hear,  
II dy't jo by jo trou oan David sward hawwe,  
I betink, hear, de smaad oer jo tsjinnern,  
II de hún fan 'e folken, dêr' t my it moed fol fan is,  
I dêr 't jo fijannen, hear, my mei hune  
II en dêr 't se jo salvling mei smaadzje, wêr 't er de foet ek set,  
I+II heech te priizjen is de heare yn ivichheid, amen, amen

*antifoan*

en no hawwe jo dochs ferstjitten en ferwurpen

*psalm*

psalm 89: 18

de folken hune him, jo feint en eigendom,  
hja strún' om hûs en hear, o God fan David, kom,  
der is gjin kening mear, jo hawwe 't folk ferlitten,  
ferdriuw it heidenfolk, o kom ús wer temjitte,  
och, dat de tichte loftten skuorden, dat jo kamen,  
lof oan ús God en hear, foar ivich, amen, amen

*antifoan*

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*lêzing*

Lukas 12: 41-48

Doe sei Petrus, 'hear, doele jo mei dy gelikenis allinne op ús of op elkenien?' De Hear sei, 'wa is no de fertroude en ferstannige hûsbehearder dy' t de hear oer de boaden stelle sil en dy' t harren op oere en tiid it iten tapart? Gelokkich is dy feint dy't de hear by syn thúskommen dêrmei dwaande fynt. Ja, ik sis jimme, hy sil him it behear jaan oer alles wat er hat. Mar as sa'n ien by himsels seit, 'mynhear is net sa

hastich mei kommen en as er dan de feinten en fammen begjint te slaan, yt en drinkt en himsels dronken boarnt, dan kin dy feint syn hear wolris thúskomme op in dei dat er him net ferwachtet en op in stuit dat er der gjin betinken op hat. Syn hear sil him dan midstwa houwe en him it lot diele litte fan 'e trouweleazen. De feint dy' t goed wist, hoe't syn hear it hawwe woe en dochs neat nei dy syn sin taret en dien hat, sil omraak ôfrânsele wurde. Mar hy dy' t sûnder it te witten dingen docht, dêr't er bruien foar fertsjinnet, sil mar in licht wân krije. Elkenien dy't folle krige hat, sil folle fan ferge wurde: wat mear immen ta betroud is, nammerste mear sil fan him easke wurde.'

*meditaasje*

By it leauwen heart ek it freegjen. Wat grutter de fizioenen dy't men krige hat, wat slimmer de fragen. De geast rekket jin oan en men sjocht de hiele wrâld, himel en ierde, yn it ljocht fan God. Men sjocht it paad en it doel, praktysk begjin en hearlik einpunt. Net te befetsjen. Just oarsom, men fielt jin befette en oansjoen oant yn it djipste fan jins siel. Mar dan. De wrâld giet troch en beweecht earder fan it doel ôf as nei it doel ta. Men wol dwaan wat men kin, mar it iene nei it oare wurdt jin út hannen slein. Wat men docht wurket krekt ferkeard en de ferkearde krêften wurde inkeld mar sterker. De fraach wurdt skerper en skerper, haw ik my fersind? Haw ik it wol goed sjoen? Bin ik wol echt sjoen? Hat God my wier op it each?

By it leauwen heart ek it folhâlden. Wat God seit, bliuwt wier. Syn opdracht bliuwt jildich, sels yn 'e langste nacht. De keunst is it, de opjefte, fêst te hâlden dat ek de útputting, ek de teloarstelling dy't men oprint yn it libben diel binne en plak hawwe yn it plan fan God. Om dan troch te gean en fol te hâlden, dêr hat men krêft ta nedich. Krêft om it lichem geande te hâlden, mar ek it betrouwen fan syn wurd en de treast fan de geast dy't jin net op it selde plak sitte lit. Al bliuwt der in bytsje romte en mar in pear mooglikheden oer, men hoecht it fizioen noait los te litten. Al sil men mar de soarch hawwe oer ien of twa fan Jezus syn susters en bruorren. It paad fan it leauwe komt út by it feestmiel en de lofsang.

*stilte*

*mesyk*

*lofsang*

gesang 249, *steande*

wy libje fan de wyn,  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan  
en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer,  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer,  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed',  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy draag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

*gebedens*

*foargonger*

leave heare  
wy wolle jûn bidde  
foar dy't mienden dat se jo feinten wienen,  
mar bruien krije sûnder te witten wêrom  
en wy roppe,

*gemeente  
foargonger*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
Wy bidde foar alle minsken dy't fertwivelje  
en net mear witte wat se oan jo hawwe  
en wy roppe,

*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo  
*foargonger* ... ..  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde,  
dat wij op 'e dei dat it derop oankomt,  
jo trou oan 'e minsken net ferjitte,  
ús fan net ien ôf draaie,  
dy' t fêstsit yn syn illinde,  
mar leauwe dat jo wurd  
wier wurdt troch alles hinne,  
*gemeente* dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn ' e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa' t ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 395

ferbergj' o hear, jo net foar my,  
as ik jo hieltyd wer ûntrin,  
God, dêr't ik soms sa bang foar bin  
en dan wer nei ferlange kin,  
o gean myn hert dochs net foarby

gean mei jo feint net yn 'e pleit,  
want sûnder leafde is myn hert,  
ik neam jo namm' en ken jo net,  
ik bûch my wol, mar myn gebed  
is leagen en skynhillichheid

o sis it wurd dat my wat docht,  
sa faak as ik myn wurden sei,  
kroep ik achter dy wurden wei,  
no wachtsj' ik, kom jo sels my nei,  
jo wurd is inkeld klear en rjocht

rop my dan as jo doarmjend skiep,  
dat jo net siket en net ken,  
yn 't fier' en frjemde lân ferlern,  
hear, lit my as jo eigen bern,  
jo stim fernimme yn 'e sliep

*seine*

*foargonger* de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
*gemeente* amen

# sechde fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257

halleluja, lit ús ta jo eare,  
fan jo macht en leafd' aloan,  
hjr op ierd' en yn de himel, heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
hillge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*psalm* psalm 88: 5 en 6

*antifoan* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

I heare God, myn behâlder, deis gûl ik it út  
II en nachts lis ik it jo foar,  
I lit myn gebed oan jo ta komme,  
II hâld jo earen iepen foar myn kriteren,  
I want ik bin it lijen sêd  
II en myn bestean is de dea neiby,  
I ik wurd rekkene by de lju dy't yn it grêf weisinke,  
II ik bin wurden as in man sûnder krêft,  
I myn plak is by de deaden, by minsken  
II dy't sneuvele binne en yn it grêf rêste,  
I dêr't jo noait wer oan tinke,  
II omdat se jo út 'e hân fallen binne,  
I ûnder yn it grêf hawwe jo my lein,  
II yn tsjusternis en djipten,

*antifoan* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

myn freonen ha jo fan my skaat,  
ik fiel it hoe't hja nei my wize,  
'k wit hoe't hja fan myn wêzen grize,  
'k hear har temûk en hoeden praat,  
o God, men sleat my op, allinne,  
hoe kom ik fuort, wêr kin ik hinne

myn each kwynt fan ellinde wei,  
ik kin dit leed net mear ferneare,  
ik rop, ik rop ta jo, o heare,  
ik rop ta jo de hiele dei,  
ik hef út eangst en deadske bannen  
ta jo om help myn bange hannen

*antifoan* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

I jo grime leit as in lêst op my,  
II al jo weagen lieten jo oer my hinne brûze,  
I jo hâlden myn goekunden fier by my wei,  
II jo makken dat se fan my griisden,  
I+II opsletten bin ik en kin gjin kant út,  
I myn eagen tarre wei fan ellinde,  
II heare, de hiele dei haw ik oan jo roppen

I+II en myn hannen nei jo útstutsen,  
I dogge jo soms oan deaden in wûnder,  
II of sille skimen ferrize om jo te loovjen,  
I wurdt yn it grêf fan jo geunst sprutsen,  
II yn it lân fan 'e ûndergong praat oer jo trou,  
I wurdt yn it tsjuster jo wûndermacht bekend makke  
II yn it lân fan ferjit jo gerjochtichheid

*antifoon* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

*psalm* psalm 88: 7 en 8

sil j' oan in dead' in wûnder dwaan,  
sil stoarnen út har sliepstee komme  
en bring jo lof en sjong ferromme,  
sil grêf en nacht jo eare jaan,  
komt men yn d' oarde fan 't ferdjerren  
fan jo geneed' en trou te hearren

wa, hear, dy't fan jo wûnders wit,  
yn 't oard fan tsjusternis en swijen,  
wa wit jo rjocht in liet te wijen,  
yn 't lân fan donker en ferjit,  
mar myn gebed, o ivich goede,  
stiicht op mei d' earste moarntydsgloede

*antifoon* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

I mar ik, heare, ik gûl it út,  
II moarnsier al komt myn gebed jo temjitte,  
I wêrom, heare, ferstjitte jo my  
II en keare jo my de rêch ta,  
I fan bern ôf oan sit ik yn it leech,  
II bin yn noed en myn rie te'n ein,  
I al jo grime sloech oer my hinne,  
II jo ferskrikkingen fernielden my,  
I de hiele dei besetten se my as wetter  
II en fan alle kanten besingelen se my,  
I jo lieten freon en buorman fan my ferfrjemdzje,  
II tsjusternis is myn goekunde wurden

*antifoon* opsletten bin ik en ik kin gjin kant út

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*lêzing* Lukas 12: 49-56

'Ik bin kommen om fjoer op 'e ierde te smiten en wat woe ik graach, dat it al oplôge wie. Mar ik moat in doop ûndergean en dat benearet my slim. Wie it mar foarby. Tochten jimme, dat Ik kommen wie om frede op 'e ierde te bringen? Nee, sis Ik jimme, gjin frede, mar twaspjalt. Fan no ôf oan sille fiif út ien húshâlding tsjininoar stean, trije tsjin twa en twa tsjin trije, heit tsjin soan, soan tsjin heit, mem tsjin dochter, dochter tsjin mem, skoanmem tsjin skoandochter en skoandochter tsjin skoanmem.' Fierder sei er noch tsjin it folk, 'as jimme in wolk opkommen sjogge yn it westen, sizze jimme mei-iens, 'it giet op in reinen' en dan komt it ek sa. En as jimme merke, dat de wyn út it suden waait, dan sizze jimme, 'it wurdt gleonhjit' en dan komt it ek sa. Komeedzjespylders dat jim binne. Wat der op ierde en oan 'e loft te sjen is, dêr kinne jim wol wiis út wurde. Wêrom dan net út wat dizze tiid te sjen jout?'

*meditaasje* Ien fan 'e benaudste dingen fan Jezus syn Keninkryk is, dat it safolle ôfbrekt. As jo de dingen goed besjogge, giet der sa'n hiel lyts bytsje mei. De doar fan 'e himel passe josels presys troch. Mar meinimme kinne jo neat. Jezus seit net om 'e nocht, dat hy fjoer oplôgje litte sil en striid bringe. Want sels jo eigen broer en jo eigen bern kinne jo net by de hân nimme op wei nei it himelske ryk. Foar dy doar wurde jo útinoar skuord.  
De gedachte fan beanudens en striid past foar ús gefoel min by de griene tiid, de simmer, de waarmte. Mar kloppet dat echt? Wat bart der op dit stuit? Alles wat de beammen no út 'e grûn wei helje, alles wat no yn 'e blêden opslein sit, wurdt sûnder ien tel rêst troch de ieren hinne pompt, de tûken troch, hieltyd smelder, oant it komt yn 'e frucht. Dêr wurdt it te plak lein en krijt it hieltyd minder ljocht te sjen, hieltyd minder romte. De beam wurdt hieltyd mear frucht en yn dy frucht wurdt it allinnich mar tsjusterder en

nearder. En dochts is dy frucht, net de blêdn, net de tûken, sels woartels en stamme net, mar de frucht is it behâld fan 'e beam. De pitten, allinnich binnenyn har frucht, hawwe de takomst. Wat byinoar bliuwt giet ferlern.

Dat proses is no al oan 'e gong, midden yn 'e simmer en mei minsken is it net oars. Alles yn ús, hiel ús wêzen, it wurdt yn al syn parten klearmakke foar de ein. Dat is no al oan 'e gong. De frucht hat begjin en wurdt allinnich mar grutter, dy't God yn elk minske groeie lit. Al wol dat net sizze dat it maklik is, as jin it tsjuster benei komt. It docht sear, om losskuord te wurden fan dy't jo it neiste en it leafste binne. De klacht fan psalm 88 is bitter en wreed. Mar hy stiet al yn 'e bibel. Dizze gefoelens fine plak yn it bestek fan God syn hân en God syn plan. Yn it fertriet is God mei jin oan 'e gong. Yn 'e benearing makket hy it sie foar 'e takomst ree. Yn 'e nacht skynt in ljocht dat gjin minske útkrije kin.

*stilte*

*mesyk*

*lofsang*

gesang 249, *steande*

wy libje fan de wyn,  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan  
en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer,  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed'  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy draag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

*gebedens*

*foargonger*

leave heare  
wy wolle jûn bidde  
foar alle minsken yn deadsneed  
en dy't bang binne fan it tsjuster  
en wy roppe,

*gemeente*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*foargonger*

heare, wy bidde foar allegearre  
dy't sjogge dat har plak op ierde ferdwynt,  
mar har woartels en har hâld net misse kinne  
en wy roppe,

*gemeente*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*foargonger*

... ..

*gemeente*

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger*

heare, wy bidde dat wij net fêsthâlde,  
wat him tsjin jo ryk ferset  
en dat wij de dei in jûn gunne,  
dy't jo ús jouwe en wer weinimme,

*gemeente*

it ljocht net bestride,  
dat op ús ôf komt yn it tsjuster fan 'e nacht,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid,  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet*

gesang 271

hoe fergeane, hoe ferfleane  
minske' libbensdagen,  
dizen dy't oer 't fjild ferskine,  
dampen dy't aanst wer ferdwine,  
sa wurdt alle hjoed ferline

hoe ferfleane, hoe fergeane  
al ús tiid en oeren,  
lykas wetters dy't mar rinne,  
net ta stilstân komme kinne,  
spiele ek ús oeren hinne

hoe fergeane, hoe ferfleane  
alle nocht en wille,  
al ús leavjen en ús striden  
bin mei 't streamen fan 'e tiden  
yn in eachwink hinnegliden

hoe ferfleane, hoe fergeane  
minske' glâns en gloarje,  
as de blommen yn 'e maaie,  
rûst de wyn aanst oer de raaien,  
dan moat al har pronk ferwaaie

hoe fergeane, hoe ferfleane  
minske' lok en libben,  
as de stjerreglâns yn 't blinken,  
wer fertsjusteret allinken,  
is ús lok al oan 't fersinken

hoe ferfleane, hoe fergeane  
alle minske' skatten,  
al wat fjoer en flam bewarre  
en foar waar en wyn noch sparre,  
lykwols sil 't ta neat fertarre

hoe fergeane, hoe ferfleane  
minske' stân en staasje,  
dy't harsels yn heechheid setten,  
hearskjend neffens eigen wetten,  
lizze yn 'e dea fergetten

hoe ferfleane, hoe fergeane  
minske' wurk en wrotten,  
wat wy dogge en bestribje  
sil net bliuwe of beklibje,  
mar Gods bern sille ivich libje

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen

# sânde fesper foar de acht wiken nei pinkster

*stilte*

*iepeningsfers*

*foargonger* hear, iepenje my de lippen  
*gemeente* myn mûle sil sjonge fan jo lof  
*foargonger* God, kom my te help  
*gemeente* heare, wês hastich om my te helpen

*oanstekken fan 'e peaskekears*

*ljochthymne* gesang 257

halleluja, lit ús ta jo eare,  
fan jo macht en leafd' aloan,  
hjir op ierd' en yn de himel, heare,  
ivich sjonge foar jo troan,  
heit fan alle ljochten, wês ús sinne,  
Kristus, hâld jo earmen om ús hinne,  
hillge geast fan fjoer en wyn,  
kom en wenje by ús yn

*psalm* psalm 144: 1 en 2

*antifoan* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

jou lof oan God, hy is it dy't allinne  
myn taflecht is en troch gefaren hinne  
myn hân bewent en útrist ta 't gefjocht,  
hy is myn stins by wa't ik skûlje mocht,  
myn rêder en ûntfermer is de heare,  
hy is myn skyld, wa soe my langer deare,  
loovje de hear, dy't jimmer om my tinkt  
en folken tsjinjend oan myn fuotten bringt

wat is de minsk', o hear, dat jo him sjogge,  
him kenne woll' en dat jo writen dogge  
him op te heevjen út syn faaie steat,  
wat is de minske oars as neat mei neat,  
len lichte sucht dy't wyndert oer de gerzen,  
sa is syn dei, sa syn bestean en wêzen,  
in skaad allyk dat oan 'e kym ferskynt,  
mar sûnder spoar weitwirret en ferdwynt

*antifoan* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

I heech te priizjen is de heare, myn rots,  
II dy't myn hannen it oarlogjen  
I+II en myn fingers it striden learde,  
I o, myn trouwe helper en stins,  
II myn festing en myn rêder,  
I myn skyld en skûle,  
II dy't folken ûnder my twingt,  
I heare, wat is in minske, dat jo nei him omsjogge,  
II wat in minskebern, dat jo om him jouwe,  
I de minske is in sucht gelyk,  
II syn dagen binne flechtige skaden,  
I bûch jo himel del en kom nei ûnderen, heare,  
II reitsje de bergen oan, dat se rikje,  
I slingerje de wjerljocht en slach de fijannen út elkoar,  
II sjit mei jo pylken en bring se yn ûnstjoer,  
I stek dêrboppe wei de hannen út om my te ferlossen  
II en rêd my út wide wetters,  
I+II út de macht fan frjemde minsken,  
I dy't de mûle fol leagens hawwe  
II en dy't falske eden dogge

*antifoon* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

*psalm* psalm 144: 3 en 4

kom del, o God, en wol net langer swije,  
lit bergen spjalt' en fjoer en swevel spije  
en sjit jo wjerljochtpylken wiid yn 't rûn,  
kastij de frjemden, ban har fan ús grûn,  
rik my jo hân en rêd my fan de folken,  
dy't my omspiel' as wylde wetterkolken,  
fijannich folk, dat heech de hân opstek,  
mar it net mient en út twa mûlen sprekt

in liet foar jo, o hear, leit op myn tonge,  
ik sil in nij liet by de snaren sjonge,  
jo hawwe keningen d' oerwinning brocht,  
úntset my, lyk as David barre mocht,  
fan 't wrede swurd, wol my dit lot besparje,  
grutmachtich God en my foar 't folk bewarje,  
fijannich folk, dat heech de hân opstek,  
mar it net mient en út twa mûlen sprekt

*antifoon* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

I o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge,  
II op 'e tsiensnaar jo psalmsjonge,  
I jo, dy't keningen de oerwinning jouwe,  
II dy't ek David, jo tsjinner, ferlost hawwe,  
I ferlos my fan it deadlike swurd,  
II rêd my út 'e macht fan frjemde minsken,  
II dy't de mûle fol leagens hawwe  
II en falske eden dogge,  
I meie ús soannen as jonge planten wêze,  
II dêr't yn 'e jeugd goed op past is  
I en de dochters as hoekpylders,  
II fynbesnien foar in paleis,  
I meie ús skuorren fol wêze mei iten  
II fan allerhanne soarte,  
I lit der keppels komme fan tûzenen,  
II ja, tsientûzenen op 'e fjilden,  
I+II mei ús hoarnfee swier fan dracht wêze,  
I mei der gjin ynfal fan 'e fijannen komme,  
II mei der gjin úttocht komme en gjin gejammer op 'e pleinen,  
I gelokkich it folk dêr't it sa mei giet,  
II gelokkich it folk dat de Heare as syn God hat

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast  
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid, amen

*antifoon* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

*psalm* psalm 144: 5 en 6

jou dat ús soannen, sa't hja opgroeid binne,  
as jonge planten dije yn 'e sinne,  
ús dochters har úntjouwe kein en prûs,  
as ranke pylders yn in keningshûs,  
jou dat fan nôt ús foarriedsouders tille,  
wês al ús fee mei fruchtberheid te wille,  
dan sil gjin klacht mear klinke noch geskriem,  
mar saait de frede del oer hûs en hiem

hoe lokkich is it folk dat, sà regearre,  
yn dizze frede libje mei en stjerre,  
hoe lokkich is it folk fan bern op bern  
dat God oanbidt en as syn kening ken

*antifoan* o God, ik wol wer in nij liet foar jo sjonge

*lêzing* Lukas 13: 10 - 17

Op sabbat joech er ris ûnderrjocht yn ien fan 'e synagogen. Syn each foel op in frou dy't al achttjin jier troch in geast knoeid waard. Se wie slim rûngear en koe hielendal net mear rjochtop stean. Doe't Jezus har seach, spriek er har oan en sei, 'frou, jo binne ferlost fan jo kwaal.' Hy lei har de hannen op, en meiens stie se rjochtoerein en prize God. De beheader fan 'e synagoge wie der min oer te sprekken, dat Jezus op sabbat ien help. Hy utere dat mei tsjin it folk te sizzen, 'seis dagen binne der om te arbeidzjen, kom dan om holpen te wurden, mar net op 'e sabbatdei.' Jezus joech him te hâlden, 'komeedzjespylders, meitsje jim allegearre op sabbat jim okse of ezel net los fan 'e krêbe en nimme jim dy dan net mei om him drinke te litten? En mocht dan dizze frou, in dochter fan Abraham, dy't de satan achttjin lange jierren bebûn hân hat, hjoed op sabbat net losmakke wurde fan dy ban?' Doe't er dat sei, wienen al syn tsjinstanners beskamme. Al it folk wie bliid mei de wûnders dy't er allegearre die.

*meditaasje* De simmer is in tiid fan groei en groei jout hâldfêst. Mar hâldfêst is ek gefaarlik. Wy hearre yn it evengeelje fan in frou, dy wurdt fêstholden troch har lichem en fia dat lichem troch de duvel. De ein fan sa'n hâldfêst is net bêst.

Dochs hâldt Jezus ús in grutte simmer foar en syn libben op ierde wie ien lange simmer. Mar tusken ús simmer en sines sitte bannen dy't wy fuort net los hawwe. As wy it sjogge en derhinne rinne wolle, fernimme wy dat wy fêstholden wurde. Troch minsken en wetten, mar ek troch ús eigen lichem en ús eigen aard. Wolle wy dat loslitte, dan lit dat ús net los.

Jezus is kommen om los te meitsjen wat fêstbûn siet. Om ús los te meitsjen fan 'e krêften fan it ferkearde. Mar dat is ek los fan alles dêr't wy ús oan fêsthâlde. Wy sille it weagje moatte, allinnich mei him. Sa't in frucht fan 'e beam moat, om ljocht te sjen. Mar litte wy ús meinimme, fan 'e iene simmer yn de oare, dan sille wy fernimme hoefolle oft mei ús giet. Net omdat wy it fêsthâlde, mar omdat God it bewarret. Dan klinkt in nij liet, dat wy no noch net betinke kinne. Mar it giet oer ússels.

*stilte*

*mesyk*

*lofsang* gesang 249, *steande*

wy libje fan de wyn,  
dy't komt út heech fermidden,  
en 't hiele hûs is fol  
fan freugde en oanbidden,  
it poent de herten oan  
en yn 't ferhoalen hôf  
brekke de lieten los  
en stige God ta lof

wy diele mei yn 't fjoer,  
dat leauwigen ferfollet,  
sjoch, fonk nei fonk springt oer,  
ljocht leit op alle hollen,  
fjoerfûgel fan de floed,  
do, boppe de Jordaan,  
blaas yn ús oan de gloed'  
om fjoer oan 't feest te jaan

wy tarre op it wurd,  
it brea út Gods gielgoerde,  
ús jûn foar alleman,  
dat libben jout en groede,  
wy drag' it sjongend oan,  
diel' om mei golle hân,  
dit manna foar elks hert,  
dit fiedsel foar elk lân

*gebedens*

*foargonger* leave heare,  
wy wolle jûn bidde  
foar elk dy't útsjocht nei jo wûnders,  
en wy roppe,

*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermle jo

*foargonger* foar alle gearre dy't nei dizze simmer  
gjin frede fine mei wer in hjerst  
en wy roppe,  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*foargonger* ... ..  
*gemeente* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

*stilte*

*foargonger* heare, wy bidde dat wij ús sin  
net sette op wat wy yn hannen hawwe,  
mar se te leegjen doarre as jo komme,  
dat wij de waarmte trochjouwe  
fan 'e simmer,  
dy't wy fiele as jo ús oanreitsje,  
dêrom bidde wy meiinoar,  
*gemeente* ús heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde,  
op ierde likegoed as yn 'e himel,  
jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade,  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft en de hearlikheid  
oant yn ivichheid, amen

*jûnsljet* gesang 288

hoe sillich as foar jimmer  
in moarntyd iepengiet  
en strak de grutte simmer  
oer mar en miede stiet,  
God makket alle dingen  
fan ierd' en himel nij,  
de dieren djoel' en springe,  
de winter is foarby

gjin wurden kinne 't sizze,  
gjin holle hat betocht,  
hoe't ierd' en himel lizze  
yn simmersinneljocht,  
ús mûlen moatte swije,  
ear't w' op 'e jongste dei  
fan God de wurden krije  
en dêr is d' ein fan wei

dan kinne wy net swije  
fan dy't oer d' ierde gie  
en ús troch bloed en lijen  
de himel iependie,  
d' apostels dêr fergearre  
en de profeten stean  
by 't folk dat triomfearre,  
foar God yn wite klean

de heare nimt it lijen  
foar ivich by ús wei,  
gjin kweade kin ús krije,  
gjin spotter piuw't ús nei,  
hy droeget alle triennen,  
de weemoed is net mear,  
de soargen fan foarhinne,

dy dogg' ús dêr net sear

o lân fan sillichheden,  
wy gean mei God op paad  
nei 't paradys fan Eden,  
dat ús ûnthjitten waard,  
en hat de hear ús helle,  
dan giet de brulloft yn  
en priuwe w' út syn welle  
mei him de nije wyn

dan trilje tûzen tongen  
en harpen fan muzyk  
en wurdt it heil besongen  
fan God en fan syn ryk,  
dy't altyd by him binne,  
op wjokken wyt en tear,  
rûzj' om de hill'gen hinne,  
dy't sjonge foar de hear

dêr skikke w' allegearre  
mei Him oan 't hillich miel,  
dêr sil gjin brea bedjerre,  
want yn in grien priiel,  
dêr ite w' alle dagen  
fan d' iene libbensbeam  
en drink' yn wolbehagen  
fan libbens hill'ge stream

dêr sjonge klare stimmen  
foar God it nije liet,  
dat lûd en ûnbedimme  
troch hiel de himel giet,  
lof oan ús heit, de heare,  
en lof de soan, Gods laam,  
dat focht en triomfeare,  
en lof de geast, dy't kaam

*seine*

*foargonger  
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre  
amen